


Skikky



Dizze Skikky is fan: _____





De Stellingwerven

East- en Weststellingwerf binne twa Fryske gemeenten. Se lizze yn it súd-easten fan ús provinsje. Yn de Stellingwerven wurdt net folle Frysk praat. Se hawwe dêr harren eigen taal: it Stellingwerfs. It Stellingwerfs is in libbene taal. Dat betsjut dat minsken net allinne de taal prate mar dat der ek ferskes, gedichten en ferhalen yn skreaun wurde.

Tusken de Stellingwerven en de rest fan Fryslân streamt in rivierke. Dat rivierke hjit 'de Tsjonger'. Dêrom neame Friezen it Stellingwerfs ek wol ris 'Oertsjongersk'. De taal fan de oare kant fan de Tsjonger.



Weststellingwerf



Eaststellingwerf

Opdracht:


It Stellingwerfs hat moaie wurden. Soms lykje se op it Frysk, mar soms ek net.

Sykje ûndersteande wurden byinoar.

Ast it goed dochst, lêst yn de hokjes de namme fan in grut doarp yn Weststellingwerf.

- | | | | |
|----------------------|---|---------------------------------|---|
| 1. Achtergatsneve | o | o Swier wurk | V |
| 2. Babbelegoegies | o | o Ien dy't altyd thús sit | E |
| 3. Goezebroek | o | o Achterneef | W |
| 4. Huidwark | o | o Praatsjes | O |
| 5. Jangat | o | o Ien dy't de wierheid net seit | G |
| 6. Liegpoede | o | o In dom persoan | L |
| 7. Prikkedille | o | o In jonge fan 12 of 13 jier | A |
| 8. Tussenbeidenjonge | o | o Goedkeap spul | E |


1	2	3	4	5	6	7	8
---	---	---	---	---	---	---	---



Disse goesebroek dot huidwark veur een prikkedille

**Opdracht 1.**

Op 'e pau komme wurden fan 6 letters. De lêste letter fan elk wurd stiet op syn búk. Sjoch nei de plaatsjes en skriu de wurden goed op.

**Opdracht 2.**

Skriu alle wurden noch in kear op. De wurden dy't yn it Nederlânsk en it Frysk gelyk skreaun wurde komme yn de earste rige. De wurden dy't yn it Frysk oars skreaun wurde komme yn 'e twadde.


GELYK	OARS



Drinkwetter

Yn Fryslân helje wy it drinkwetter út 'e grûn. Elk jier mear as fyftich miljoen kubike meter. East- en Weststellingwerf ha beide in grut pompstasjon. Dy steane by Terwisscha en by Âldeholtpea. De pompstasjons soargje derfoar dat der alle dagen wer skjin wetter út 'e kraan komt. Grûnwetter is eins reinwetter. Nei in reinbui sakket in protte wetter fuort yn 'e grûn. Sa wurdt, dat wat wy fuortpompe, wer oanfuлд.

Wy brûke yn Nederlân per persoan ûngefear 135 liter wetter op in dei. We drinke mar twa liter. Fierwei it measte wetter brûke wy om ús te waskjen en foar de WC. Yn in fol bad sit ûngefear 250 liter. En by it dûsen brûkst soms wol 60 liter. Ek it waskjen fan dyn klean en de ôfwask nei iten nimme in protte wetter. Op 'waterkennis.nl' steane in hiele protte leuke filmkes en opdrachten oer wetter.




Opdracht 1.

We brûke meiinoar in protte wetter. Meitsje in sirkelgrafyk fan dizze gegevens. Kleurje ek de leginda.

Wettergebrûk yn Nederlân

• Itensiede	3%	<input type="text"/>
• Ôfwaskje	7%	<input type="text"/>
• WC	36%	<input type="text"/>
• Wask	13%	<input type="text"/>
• Tún	4%	<input type="text"/>
• Poetswurk	4%	<input type="text"/>
• Bad en dûs	33%	<input type="text"/>





Skiednis 3 taal

De skutslûs

It wetter fan in rivier streamt. It streamt fan in heech gebiet nei in leech gebiet. Troch it streamen stiet it wetter fan in rivier net altyd like heech. As it yn 'e simmer lang net reint, rekket it wetter op. Boaten kinne dan net mear goed op 'e rivier farre.

Om altyd wetter oer te hâlden, waard soms in daam yn de rivier boud. Sa koe de rivier net mear leech rinne. In daam wie handich, mar hie ek in neidiel. Troch de daam koenen de boaten der net mear lâns. Troch in doar yn de daam te meitsjen waard dit probleem oplost. In doar yn in daam neame we in slûs. By in daam of in slûs ûntstiene

faak doarpkes. Der wie ommers fan alles te belibjen.


Amsterdam en Rotterdam binne sa ûntstien.

De earste slûs waard 1000 jier lyn al makke yn Sina. De âldste slûs fan Nederlân is oanlein yn 1373 by Vreeswijk yn Utert (Utrecht). Letter fûnen se út dat in slûs mei twa doarren achterinoar noch better wurke. Sa 'n slûs neame we in skutslûs.

Ast op You-Tube 'schutsluis' yntypst, kinst moai sjen hoe 't in skutslûs wurket.

Opdracht 1.

Tekenje sels in skutslûs. Yn de slûs leit fansels in grut skip.






Krúswurdpuzel

Yn de puzel sitte dizze wurden twa kear:

trein, bûter en rinne

Kinsto se op it goede plak sette?

1		2		3
2				
3				



Sudoku

Yn dizze sudoku brûkst de sifers 1 oant en mei 6.

Se sitte yn elke kolom, rigel en yn elk hok

Yn dizze puzel sitte: : **kieze, roppe en strik.**

1		2		3
2				
3				

		3	2		
	2			3	
1					2
6					3
	5			1	
		4	6		